



Archeologysk Wurkferbân

Achte leden (en oaren)

It bestjoer fan it Archeologysk Wurkferbân nûget jo út foar in ekskurzje op 5 septimber nei it 'Huis van Hilde'. Dit is it archeology-museum fan Noard-Hollân yn Castricum. Mear oer it museum kinne jo fine op <https://www.huisvanhilde.nl>

De tagong foar it museum is €10, mar foar hâlders fan de Museumkaart is it fergees. Foar persoanen ûnder 18 jier is de tagong €6. Kosten fan meiriden en rûnlieding komme hjir noch oerhinne.

Wa't mei wol kin him of har foar 15 augustus opjaan op archeology@fryske-akademy.nl. By foldwaande opjefte giet de reis troch en folget der neiere ynformaasje.

It plan is om der mei de auto hinne te gean. Foar minsken sûnder ferfier is it mooglik om mei in oar mei te riden. Wa't mear witte wol kin belje mei 06-51612886, of in mailsje stjoere nei siblederoos@hetnet.nl

Freonlike groetnis,
Bestjoer AWFA

